

Dorpscanon van Folsgeare

Easthimmerwei 1



© Foto: argyf Feike van der Velde

Lieuwe Piers Cnossen mei de molkekarre

Easthimmerwei 1

It is 29 jannewaris 1864. In spannende dei foar Sijmen Sipkes Kooistra, boer op Folsgeasterleane 4, Teade Ruurds Abma, boer op Folsgeasterleane 2 en Klaas Ruurds Abma, boer te Tsjalhuzum. It melken is gau hastich dien makke en yn it sneinske pak steane hja klear om mei elkoar nei Snits ôf te reizgjen.

Hjoed sil notaris C.J. Jorritsma de akte fan boelskieding fan Hiltje Klazes Wiersma, widdofrou fan Ruurd Freerks Abma, iepenbier meitsje. As de notaris klear is mei it foarlêzen fan de akte, beseft Sijmen Sipkes Kooistra dat hy fan de buorkerij moatte sil. De buorkerij dêr't hy mear as tweintich jier buorke. Tweintich jier, dêr't Sijmen in soad tsjinslach yn hat en twa kear widner wurdt. Yn 1842 trout hy mei Baukjen Ruurds Abma. Nei har ferstjerren trout Sijmen yn 1856 wer mei Johanna Gosses Bootsma. Dit houlik duorret mar fiif jier. Johanna ferstjert yn 1861. Sijmen trout op'e nij, no mei Sytske Postma út Folsgeare. Hja is widdofrou.


Sijmen syn buorman, Teade Ruurds Abma, wurdt de nije eigner fan de buorkerij.

Sijmen Sipkes wol fierder buorkje en beriedt him mei syn heit Sipkes Gabes Kooistra. Dy is boer op Scheender state. Syn heit is wilens 73 jier en wol it wol wat rêstiger oan dwaan op in lytsere buorkerij. Hjirtroch kin Sijmen Sipkes boer wurde op Scheender state.

Dorpscanon van Folsgeare

Eastimmerwei 1

Syn heit keapet yn maaie 1864, tegearre mei Klaas Feddes Breeuwsma, perseel C nûmer 46, grut twa bunder en njoggen en sechstich roeden. It greidelân wurdt opsplittst in twa stikken. It súdlike part, nûmer C 585, komt by de buorkerij fan Klaas Feddes Breeuwsma. It noardlike stik, nûmer C 586 wurdt eigendom fan Sipke Gabes Kooistra. Beide stikken grûn wurde skieden troch in stikje nij groeven sleat.



Kadaster kaart fan Folsgeare 1887.

Sipke Gabes Kooistra en Yke Ruurds Abma litte op de hoeke by de tsjerke in lytse pleats bouwe. De bou wurdt gund oan de lokale timmerman Pieter Willems Twijnstra. Hy is noch dwaande mei it ôfrûnjen fan de nije tsjerke, mar hy hat persoaniel genôch om ein 1864 mei de bou te begjinnen. De pleats wurdt grut genôch foar 12 kij en wat jongfee.



Efter de pleats wurdt in rom weinhok boud.

foto Atse Bruin

Dorpscanon van Folsgeare

Easthimmerwei 1



Om de pleats hinne wurdt in sleat groeven, dy't it perseel yn twa stikken opdielt. De pleats stiet op perseel C nûmer 596 en de greide der omhinne wurdt C nûmer 597.

De sleat tusken de Folsgeasterleane en de pleats is letter dimpt.

foto argyf DB Folsgeare

Nei it opleverjen fan de pleats yn 1865 ûntstiet der in lytse folksferhuzing yn it doarp. Sipke Gabes en Yke Ruurds Abma geane nei de nije pleats yn it doarp. Sijmen Sipkes en Sytske Postma geane nei Scheender state. Teade Ruurds en Minke Bouma ferhúzje nei Folsgeasterleane 4 en Klaas Ruurds Abma en Jetske Theunis Schoustra ferhúzje fan Tsjalhuzum nei Folsgeasterleane 2.

Sipke Gabes wennet prachtich op de hoeke by de tsjerke en hat in rom útsicht. Dit feroaret as skuonmakker Lucas Elsinga yn 1877 in nij hûs bouwe lit op it Tsjerkepôltsje. Sipke Gabes ferstjert twa jier letter op 88 jierrige leeftyd. De buorreplicht jildt noch yn dy tiid. Sadwaande geane Lucas Elsinga en Fedde Klases Breeuwsma nei Snits ta om oanjêfte te dwaan fan it ferstjerren fan Sipke Gabes. Syn soon Sijmen Sipkes erft de buorkerij. Widdofrou Yke Ruurds Abma wennet dêrnei yn'e buorren. As Sijske Postma op 2 maart 1895 ferstjert, is Sijmen foar de tredde kear widner. Sijmen wennet allinne op de buorkerij oant syn ferstjerren yn 1904.

De nije bewenners fan de buorkerij op Easthimmerwei 1 binne Douwe Eppinga en Tjitske van der Wal út Burchwert mei harren bern Marten en Trijntje. Marten begjint in timmerbedriuw yn de pleats fan syn âlden. Yn 1914 trout hy mei Elizabeth Maria Katharina Kluiwstra. Marten en Elisabeth sette harren ta wenjen op Tsjaerddyk nûmer 48. As Marten syn heit yn 1929 ferstjert, wol syn mem net op de pleats wenjen bliuwe. Hja fynt it pân te grut foar har en dochter Trijntje. Hja ferhúzje yn 1930 nei Nijlân. Harren opfolgers binne Meinte Schuurmans en Sara Posthumus. Hja bliuwe op de buorkerij oant 1939. Dêrnei wenje Johannes Gerbrandy en Grietje van der Velde oant 1964 op de buorkerij.

Dorpscanon van Folsgeare

Easthimmerwei 1

Yn 1966 ferkeapje Meinte Abma en Akke Boschma harren pleats oan de Folsgeasterleane 4 oan Johan van der Wal. Hja ferhúzje dan nei de Easthimmerwei. Meinte hat de namme Carpe Diem betocht foar syn pleats oan de Folsgeasterleane. No betinkt hy in namme foar dizze pleats. It wurdt 'Baensein'. Dizze namme komt mei in boerd oan de foargevel te hingjen, mar slacht yn tsjinstelling ta dy fan Carpe Diem net goed oan.



foto Atse Bruin

De ruten oan de foarkant wurde yn dizze perioade ferfoangen troch gruttere. It risseltaat is net echt moai, mar it wie yn dy tiid moade.



Rjochts op de foargevel hinget it boerd Baensein.

foto argyf Feike van der Velde

It 60 jierrich houliksfeest fan Meinte en Akke wurdt yn 1981 op grutte wize fierd. Hja wurde mei de koets, lutsen troch twa Fryske hynders, fan harren wenning ôf nei Snits ta brocht. By Hanenburg, dêr't in seal ôfhierd is, fiere hja dit jubileum mei de buorlju en de famylje.

Dorpscanon van Folsgeare

Easthimmerwei 1

Meinte Abma en Akke Boschma reizgje ôf yn de koets út Folsgeare.

foto argyf DB Folsgeare



Meinte skriuwt graach stikjes oer syn libben as boer, oer foarfallen yn en om it doarp, oer leafhawwerijen ensfh. In soad fan dizze geskriften binne bewarre bleaun. It grutste gemis yn it libben fan Meinte en Akke is, dat hja gjin bern krigen ha. Yn 1985 ferstjert Meinte Abma. Akke Boschma wennet oant har ferstjerren yn 1992 op de pleats.

In dizze tiid sykje Feike van der Velde en syn frou Rooske de Boer in wenplak yn Folsgeare. Hja hawwe in skildersbedriuw yn Wâldsein, mar wolle graach werom nei it plak dêr't se hikke en tein binne. Akke Boschma is in muoike fan Feike. Feike en Rooske keapje de pleats, dy't sa yn de famylje bliuwt. Hja meitsje wat besûnders fan it hûs.

Feike is berne op It Werp en kriget al betiid grutte ferantwurdlikens tabedield. Hjir wurdt de basis lein foar syn fierdere libbenspaad. Syn grutste passy is it sammeljen en bewarjen fan allehanne guod. Hy sjocht de wearde fan dingen dy't oaren fuortgoaie.



It risseltaat is de útstalling “ Eigen Wurk “, dy't in soad jierren lang yn de simmermoannen yn de skuorre te sjen is.

foto Atse Bruin

Dorpscanon van Folsgeare

Eastimmerwei 1

De artistike kwaliteiten fan Feike binne ûnder mear te sjen op de bûtenmuorre fan de pleats. Dêr is in mei de hân skildere alvestêderûte mei de stedswapens te bewûnderjen. Rooske is by alles Feike syn grutte stipe en taflecht.



foto's Atse Bruin



Yn de simmermoannen stiet in part fan Feike syn samling yn de tún.

foto Atse Bruin

Feike van der Velde ferstjert op 31 juny 2021 nei in perioade fan ôfnimmende sûnens. Rooske wennet dêrnei allinne op de pleats.

Perseel nûmer C 586 dat yn 1864 troch Sipke Gabes oankocht waard, is wilens hielendal beboud. Foar it oare part, C nûmer 585 fan Klaas Feddes Breeuwsma, wurde bouplannen makke.

Dorpscanon van Folsgeare

Easthimmerwei 1

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: Atse Bruin, argyf Feike van der Velde, argyf DB Folsgeare

Kaartsje: Kadaster

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsenen. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.